

Om ende by 3400 foar Kristus

De ko

De komst van boeren en kij

US MEM VAN KLEI

De ko is hiel belangryk foar Fryslân. Der wurdt faak sein dat mei de ko de Fryske skiednis begûn is. In bekend stânbyld fan in ko is 'Us Mem'. Dat stânbyld stiet yn Ljouwert. Yn dizze opdracht makkesto sels in byld fan in ko.

Nomaden

Foar't minsken op in fêst plak begûnen te wenjen, wienen sy altyd op siik nei spoaren fan bisten. Se wienen jagers en bleaunen noait lang op itselde plak, om't der nei in skoftsje neat mear te iten wie. Doe't der kij kamen yn Fryslân, feroare der wat oan dy manier fan libjen. Fan nomaden waarden minsken boeren dy't har op in fêst plak nei wenjen setten. Se begûnen mei lânbou en de ko soarge foar molke. Sa hienen minsken altyd iten by de hân.

Us Mem

De ko is wyls al tûzenen jierren yn Fryslân en hat ús al dy tiid foarsjoen fan iten. Kij hawwe minsken sels as lûkdier holpen om gewaaks te ferbouwen. Om de ko te earjen stiet oan de Harnzersingel yn Ljouwert in grut

brûnzen byld fan in ko. It is makke yn 1954 en stelt de ideale Fryske ko foar. Dat byld wurdt 'Us Mem' neamd. Dy namme hat it te tankjen oan it feit dat memmen hiel belangryk binne.

Utstoarn

De kij út earder tiden seagen der hiel oars út as 'Us Mem'. Se wienen yn alle gefallen in stik lytser en hienen in oare kleur. Ergens yn de 7e ieu is de oerko yn Fryslân yn it wyld útstoarn. De iennige kij dy't noch oer binne, binne de kij op de buorkerijen. Yn de rin fan de tiid hawwe der in soad ferskillende kij yn Fryslân omrûn: fan grut oant lyts, yn de kleuren readbûnt, mûsgriis, swart-wyt, blond, en fan bûnt oant de saneamde blierkop.



FOTO BERT REMMERSWAAL

De Fryske oerko liket noch it meast op in Skotske Heechlanner.



FOTO DIEUWKE VAN DER MEER - POSTHUMUS

Byld fan 'Us Mem'; Afûk

wat bist nedich?

Klaai, klaairöler, ferve en in fervekwast.

 4100
 4000
 3900
 3800
 3700
 3600
 3500
 3400
 3300
 3200
 3100

Opdracht

Hoefolle ferskillende soarten kij tinksto dat der binne? In hiele soad! Sykje mar ris op Wikipedia nei kowerassen. No silst sels in ko meitsje.

1. Sjoch goed nei it foarbyld fan it byld fan de ko. Of kies in oar plaatsje fan in ko.
2. Meitsje sels in ko fan klaai. Dyn ko mei der wol wat oars útsjen as it byld fan 'Us Mem'.
3. Wachtsje oant dyn byld opdroege is of freegje oft it op skoalle of thús bakt wurde kin.
4. Fervje dyn byld en jou it in moai plakje.



In byld fan de yntusken útstoarne oerko, troch Frank van Waas



In model fan in ko, makke troch Royal Goedewaagen

